


DE TILLE

Moanneblêd fan it Frysk Selskip
"FRYSK EN FRIJ" te Hilversum



Port betaald
Port payé
Baarm

ôfstj.
A.R. Koopmans-Nieuwland
Lindenheuvel 14
1217 JX Hilversum

Gearstalling Bestjoer

Frysk en Frij Hilversum (KfK Hilversum, nûmer 32126908)

- foarsitter** : J. Kooistra 035-6218626
+ ledeadm. Lutherhof 102, 1216 KV Hilversum
e-mail: gurbe@xmsnet.nl
- skriuwer** : A.R. Koopmans-Nieuwland 035-6249624
Lindenheuvel 14, 1217 JX Hilversum
e-mail: kritehilversum@gmail.com
- ponghâlder** : J. Koopmans 035-6249624
Lindenheuvel 14, 1217 JX Hilversum
Rekkennûmer **NL79 INGB 0000 2422 62**
o.n.f. **Frysk en Frij Hilversum**
- alg. adjunkt** : W. Triemstra 035-6833889
V.d.Sande Bakhuijzenstraat 102, 1223 CZ Hilversum
e-mail: triwa@hotmail.nl
-.-
- boekeferkeap** : J. Conradie-Groenhof 035-6234733
Banckertlaan 163, 1215 PZ Hilversum
- G. v.d. Leij-Wilbers 035-6213586
Hyacintenlaan 10, 1215 BC Hilversum
- iterij** : Bestellingen trochjaan oan:
Jan Kooistra, tel. 035-6218626
(graach uterlik ien wike foarôfgeand oan 'e kritejûn)
-.-
- Eareleden:**
earefoarsitter: S. Haagsma, De Doppen 21, 8401AG De Gordyk
earelid: H. van Duinen, De Jouwer



foto, dirk van dijk

Fan de foarsitter

Ek yn dizze lêste Tille yn it âlde jier begjinne wy wer mei in winterske foto. Dizze foto is makke troch ús drukker fan 'e Tille. It wurdt hoe langer hoe mear in nostalgysk plaatsje mei dat wite guod op 'e grûn. Oan de iene kant soe men der hast nei útsjen, mar oan de oare kant kin men it misse as in libbene mûs yn 'e ûnderbroek. Foaral by wannear't men de dyk op moat op wei nei in kritejûn. Foarearst hoege wy der net bang foar te wêzen. Hjoed-de-dei binne it hast simmerske temperatueren yn de wintermoanne. De natuer is yn 'e war: fûgels sitte te brieden en beammen sprute út. Minsken binne ek yn 'e war: men makket no al rûzje oer it ljippaaisykjen. En dan te betinken dat it allegearre ek wolris oars útpakke kin. Want stel je no ris foar dat it klimaat net

opwaarmet, mar dat it ferskoot! Dat it winterske waar hjir ferhuzet nei april of maaie. Dan sille wy it noch belibje dat de alvestêdetocht op redens tagelyk mei de fytsalvestêdetocht op pinkstermoandei ferriden wurdt. Dan sitte wy mei de krystdagen op it strân, lykas no yn Súd-Afrika. Men soe sizze dat de wrâld dan net allinne figuerlik, mar ek letterlik op 'e kop stiet... Foarearst sille wy ús mei himmel waar opmeitsje foar it nijjierjen en it **stampot miel**. Wa't mei-ite wol moat him/har sa gau mooglik en it leafst **foar 1 jannewaris opjaan** ! Wa't net komme kin winskje ik fan dit plak ôf in Lokkich Nijjier. Wa't wol komme kin hoopje ik dat winskje te kinnen op freed 8 jannewaris 2016. Oant dan!

Jan Kooistra

Nijs fan de Boeketafel

Folle nijs is er net. We witte dat de nije boeken wer op 'e boeketafel lizze. Dêrom wat oars. Wy woenen jo attindearje op it algemien-kultureel opinyblêd 'De Moanne'. Dêryn fûnen wy in kollum fan Marga Claus (jiergong 14//novimber 2015//b.60) It stikje giet oer in ûnderwerp dat yn dizze tiid spilet en begjin jannewaris sit de krystsfear d'r noch wol in bytsje yn. De kollum begjint sa:

'Kryst. Myn kop stiet alhiel net nei kryst. Mei in bytsje gelok skarrelje ik mei de krystdagen wer sûnder helpstikken troch it libben, bykommend fan in heupoperaasje, mar wis bist noait fan sokke saken, stikem freegje ik my ôf hoefolle wynglêzen der op it plaatsje fan in rollator passe, en hoe faak ik dan fan it oanrjocht nei de tafel rôlje moat, stel it krystdiner giet troch dit jier. Ik bin bang dat it in knoffelige kryst wurdt. Fjirtich jier lyn fierde ik kryst yn it âlde Antoanius fan Snits, yn de tiid dat dêr nonnen mei kapkes omrûnen en der noch Sint foar en gjin nuver kâpke óp de sikehûsnamme stie. Ik fermakke my dêr skoan. Boppedat: alle moarnen wekker makke wurde mei in kopke tee en in kanielkoekje

(al kaam nei dat koekje de thermometer), kom dêr hjoed-de-dei mar ris om. Wikenlang lei myn linkerskonk dêr fêstklonken oan katrollen mei gewichten en lizzendewei waard it fansels âld en nij. Doe wie ik ûnder tusken nei Blomkamp transporteard. Dêr rieden se ús op âldjiersjûn mei alle bêden fan de ôfdieling nei de rekreaasjeromte, dêr't wy - fier ferwidere fan ús leafsten - wachten op de klok fan 12 oere. Ik wit noch hoe't de telefyzje en it fjoerwurk de benearjende stilte tebrutsen dy't hearske doe't it beladen tydstop dêr wie: guon yn de seal wisten dat it de lêste jierwiksel fan har libben wêze soe, oarren hiene te hearren krigen dat se nea wer selsstannich kryst of âld en nij fiere kinne soene. Hoesa 'folle lok en seine'?

Al mei al wie iksels de geloksfûgel fan de ôfdieling. Ik mocht in moanne letter de ûnderferdjipping fan it revalidaasjesintrum ûnfeilich meitsje mei myn rolstoel, wat se my net twa kear út hoegden te lizzen. En myn tweintichste jierde fierde ik foar ien dei thús. Noch sjoch ik ús hûn de oprit ôfjakerjen, doe't ik út de auto takele waard. Jankend en piipjend fan gelok sprong er mei in booch by my op 'e skurte en slikke my dêr't er koe.

Hy hie my al opjûn, yn syn hûnekop.
Oer dyselde hûn skreau ik yn Blomkamp in ferske: Bijke, bijke, leaf lyts hûntsje, mei dyn sturt draaisto in rûntsje. Hindrik v.d. Meer sette it op muzyk, dyselde wike stjoerde de skoalradio fan de Omrop it út en galme it wyske troch de lûdsprekkers fan Blomkamp. Neffens my is it ien fan de bekendste Fryske berneferskes wurden.

Dat hat my op it idee brocht om ek dizze revalidaasjetiid mar wer skeppend en konstruktif yn te foljen: tusken rek- en strekoefeningen troch ris in kollumke ynelkoar prutse, en fansels fêst neitinke oer it krystdiner. Mei of sûnder rollade/-tor.'

No't de kryst foarby is witte wy of it mei of sûnder rollade troch gien is.

Folle lok en Seine yn it nije jier.

Jellie Conradie & Gesiena van der Leij



Lokkich nijjier !



nûget jimme allegearre út op

Freed, 8 jannewaris 2016

yn RK kerkcentrum

“De Waaier”

(Emmaus parochie)

Kerkelandenlaan 5

1216 RN Hilversum

fan **17:00** oere ôf **Nijjierjen** mei in hapke en in drankje

om **18:00** oere: **Mienskiplik** stampot/hutspot **miel**

om **20:15** oere: **Ledegearkomste** mei de jierstikken oer it ôfrûne jier

Wurklist:

1. Iepening
2. Ynkomen stikken
3. Ferlach ponghâlder oer it boekjier 2014-2015
4. Ferlach rekkenopnimers
5. Beneaming fan nije rekkenopnimers
6. Begrutting foar it boekjier 2015-2016
7. Bestjoerssaken
8. Omfreegjen
9. Slute

Nei de ledegearkomste ferlotsje wy wer in tal moaie prizen en pryskes.

Om't wy de middeis al om fiif oere begjinne, wolle wy it de jûns net te let meitsje. Dêrom hat it bestjoer tocht om nei de ferlotting ús earste kritejûn yn it nije jier rom foar **tsienen** ôf te sluten.

Opjefte foar it **miel** graach **sa gau mooglik** (yn elk gefal foar 1 jannewaris) by ien fan it bestjoer.

Tagongspriis: € 15,00 (it iten en de drankjes derby ynbegrepen)

Healsliten op 'e boeketafel:

<i>Titel:</i>	<i>Skriuw(st)er:</i>	<i>Utjefte:</i>
As in lyts baeske	Anne Wadman	1973
By de duvel to bycht	Anne Wadman	1966
Gomorra	Benny Holtrop	1999
Hillige Minke	Margryt Poortstra	
Hoe moat dat nou, Marijke?	Anne Wadman	1960
ien foar 't ôfwennen	Rink van der velde	1976
Ik foun hwat oars	Douwe Tiemersma	
In man allinne	P. Akkerman	1956
In opwinend fraachteken	Jacobus Knol	1997
In swalker komt thús	S.P. Akkerman Osn.	1936
In trochsetter	H.Y. de Vries	1991
Inkelde reis Laplân	Jelle van der Meulen	1979
It Beaken	J. van der Kooi, L.G. Jansma, G.H. Jelsma (red.)	1988
It daget yn 'e dize	J. Th. Hoogstins	1984
It Fergryp	Lieuwe Pietersen	1998
It Heechhûf	R. Brolsma	1942
It Heerema Kristal	Riek Landman	1996
It libbet mar amper	Durk van der Ploeg	1976
It rinnen fan Silke	Klaske Hiemstra	2006
It stille wetter	Margryt Poortstra	1977
Jildou fan de Wylgepleats	Peggy Klinkhaemer	1987
Just, jawol	Paulus Akkerman	1959
Klankboarne	Jan fen 'e Gaestmar	1906
Koperen boeien	Abe Brouwer	?
Kuneara	Akky van der Veer	2000

Sneon 2 april 2016 yn Seist!

Figi Teater, 20:00 oere

*"In monumint fan in
foarstelling"
Leeuwarder Courant*

Nei oanlieding fan de
suksefolle toernooi fan
ferline seizoen dit jier wer:
Feteranen.

In topprestasje fan de twa
Fryske aktearkanonnen
**Freak Smink en
Joop Wittermans.**

Humoristyske dialogen en
bandwaanlik spul. Mei in
tekst fan Bouke Oldenhof yn
in regy fan Jos Thie.



*Douwe A. Wybena en Sibbele Flapper treffe elkoar alle jierren
wer by de betinking fan de Twadde Wrâldoarloch. As de mannen
hieityd mear wrakselje mei har ferline as soldaat yn Ynje, reitsje
sy de kontrole oer harsels stadichwei kwyt. Mar harren post sille
sy nooit ferlitte ...*



Dit meie jo net misse!

Kaarten binne te besetten troch it
foar 1 maart 2016 oermeitsjen fan € 19,50

op banknr. NL75 INGB 0003486499 o.n.f. Selskip Mei Inoar.
Nei dy datum en oan 'e seal kostje de kaarten € 22,50 it stik.



Keatsferiening "Melle Veenstra"

1919

97 jier

2016

't Harde, 1 desimber 2015

Útnoeging foar nyjersbesite "keats"-jûn op 22 jannewaris 2016

Sa't jimme miskien witte bestiet der yn Hilversum noch in keatsferiening ûnder de namme "Melle Veenstra". Dizze keatsferiening is noch as ienichste oerbleaun yn de omkriten fan Utert, Hilversum, Bussum, Seist en Amersfoort. Eartiids wie yn al dizze plakken noch in keatsferiening aktyf.

Ús ferieniging hat noch 16 leden, 8 stipers en tsien leden fan de club fan 10. Wij besykje dizze feriening yn libben te hâlden en te promoaten yn de omkriten..

Neist it keatsen yn Hilversum organisearje wy elts jier in "Jeu de boules-jûn" foar ús leden, stipers, freonen en bekenden.

Op freedtejûn 22 jannewaris 2016 oanfang 19.30 oere, sil it wer heve.

It liket ús tige noflik ta om **alle leden** fan jimme kriten Hilversum, Utert en Seist dy't it keatsen in waarm hert ta drage ek út te noegjen en te moetsjen op dizze jûn. Sa kinne jimme ûnder it genot fan in spultsje "Jeu de-boules", in drankje en in hapke, kennis meitsje mei ús keatsferieniging.

Foar de kosten hoege jimme it net te litten. Dizze berinne € 10,-- p.p. ynkl. Kofje, gebak, drankje, hapke en gebrûk fan de jeu-de-boules-ballen.

Dizze jûn wurdt hâlden yn it Boulodrome (oerdekke waarme binnenbaan mei 10 banen) oan it Jagerspaadje 26 A, 1231 KJ Loosdrecht.

Hawwe jimme sin om te kommen, skilje dan efkes fan tefoaren mei ús skriuwer Hendrik Visbeek tel: 0525-655541. Hy stoert jo dan in paadwizer en set jo op de list fan dielnimmers. Eltsenien is fan herte wolkom. Oant sjen op 22 jannewaris 2016 út namme fan it bestjoer fan K.F. "Melle Veenstra" Hilversum

Golle groetnis
Hendrik Visbeek
(skriuwer)

Us kritejûn op sneon 21 novimber 2015

Wat in moaie jûn hawwe wy hân mei Bennie Huisman, ik kin it net faak genôch sizze: it wie merakels moai! Bennie spile allinnich, of op in akkordeon of op in piano-achtich ding, in 'keyboard' neame se dat, leau ik. Bennie fertelde al syn ferhaaltsjes yn't Frysk, en de sankjes meast yn't Frysk, sommige yn't Hollânsk of Ingels.

Mar no syn ferhaaltsjes: syn pake hie dêryn de haadrol: "Doe't pake noch feint wie en beppe noch faam".....wa ken it net. Bennie fertelde bygelyks dat syn Pake destiids by in houthannel wurke en der bleaune wolris in pear plankjes oer dy't Pake dan mei nei hûs ta naam en dy brûkte hy om der in boatsje fan te bouwen. Mar fan dy planken bleaune ek wer lytse stikjes oer, in griis om dy fuort te smiten: pake makke dêr dan saneamde ierappelskyl-bakjes fan. Bennie hie der ien meinommen om it ús sjen te litten. Elke pakesizzer dy't troude krige op de brulloft sa'n bakje, fol mei ierappels fansels en beppe ferstoppe der hûndert gûne tuskenyn. Mar ja, yn dizze moderne tiid bliuwt men tsjintwurdich net mear ivich byinoar, en wannear in pakesizzer foar de twadde kear troude dan krige dy wol in twadde bakje mar beppe die der no gjin hûndert gûne yn, mar fyftich. "Ja" sei Bennie, "ik ha al trije fan dy

bakjes". Grutte hylariteit yn de seal fansels, de seal dy dizze jûn in stik better beset wie as de earste jûn fan dit winterskoft. Wy hawwe wat ôf lake dizze jûn en mei sjonge: 'breidzje' en 'het meisje van de zangvereniging'. Dêr hie Bennie in hiele moaie tekst op makke. Foar mysels wie it in oantinken oan 1950 doe't ik yn Hilversum kaam, nei goed trije jier '7 december Divisie' yn Indië en in faam socht, want ik wie net fan plan om allinnich te bliuwen. En doe fûn ik Gesina op it KRO koar 'myn famke fan de zangvereniging'. Nei mear as 60 jier ha wy tegearre noch altyd mar 'ien ierappel-skylbakje': sa kriget alles wer in plakje!

Oant 8 jannewaris mei it nijjierjen en de lekkere stampot.

Johan Engwerda



Lekker ite mei ...

Mar wer in resept út de Libelle fan maart 1987 tocht ik sa. De beskriuwing is in bytsje datearre liket my ta, mar jimme komme der fêst wol út. Aachje hat der muoite genôch mei om it kreas op in rychje te krijen. Ek hat se diskear sels gjin krûdkoeke bakt neffens dit resept. Se kin der dus ek net op oansprutsen wurde as it resept net hielendal yn oarder is. Graach wol se jimme ûnderfiningen wol hearre, nei 't jimme wer wat opknapt binne...

Fryske kofjetafel *Fryske krûdkoeke*

Yngrediïnten

- 75 g bûter of margarine, weak
- 150 g brune sûker
- 125 g blom
- 1 teeleppel bakpoeier
- 125 g ierappelmoal
- 3 aaien
- 1 teeleppel kaniel
- 1 teeleppel krûdnagelpoeier
- ½ teeleppel mealde kardamom
- 50 g fynsnijde gimber
- 50 g fynsnijde sukade
- 50 g fynsnijde oranjesnypsels
- ± 1/8 liter molke
- it wyt fan ien aai



De bûter of margarine mei de sûker rjemmich riere. De aaien der ien foar ien by riere. De souwe blom, de bakpoeier, it ierappelmoal, de krûden, de gimber-, sukade- en oranjesnypsels der by dwaan en der in tsjûk besleek fan riere, like tsjûk as cakebesleek. Der eventueel wat molke by riere as it te tsjûk is. In swarte plaatstielen bôlefoarm fan ± 28 sm ynfetsje. It wyt fan 't aai stiiiklopje en yn 't lêst by it besleek spatelje. It besleek yn de foarm skeppe, glêdstrike en midden yn in net o sa'n waarme ûne (160°C, gasstân 2) yn ± 1½ oere brún en gear bakke. De koeke is gear, as in der yn stutsen breidpriem der droech wer út komt. De foarm efkes yn de útskeakele ûne stean litte. De koeke op in roaster keare en útdampe litte.

...Aachje

Ynformaasje oare ferienings en organisaasjes

Keatsferiening "Melle Veenstra"

foarsitter : Cees Punter
Neuweg 179, 1214GP Hilversum 035-6236729
e-mail: c.punter@wxs.nl

skriuwer : Hendrik Visbeek
Houtrustweg 34, 8084 CD 't Harde 0525-655541
e-mail: h.t.visbeek@kpnmail.nl
webside: www.melleveenstra.nl

ponghâlder : Anneke Wijnalda - van der Kooye
Duizendknooplaan 51, 3452AT Vleuten 030-8893764

"It Frysk Boun om Utens"

skriuwer : Kees van der Beek
Beemdweg 29, 3852 XC Ermelo 0341-559343
e-mail: skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.fr1
webside: www.fryskbutenfryslan.fr1

"Selskip foar Fryske Tael en Skriftekennisse"


skriuwer : K. Kuipers
Willem Loadewykstrjitte 115, 8933BL Ljouwert 058-2125383
e-mail: k.kuipers1938@kpnmail.nl

Mochten jo it noch net dien ha dan soe it ús tige goed dwaan as jo de
ynlage (kontribúsje) foar dit winterskoft oermeitsje op

Bankrekken nûmer **NL79 INGB 0000 2422 62**
o.n.f. Frysk en Frij Hilversum

De kosten binne: € 15,00 de man/frou
€ 30,00 foar in trouw pear of in stel

mear mei fansels ek....☺



Special adres voor: Gevulde Omjickoeken

DE HAAN'S

BAKKERIJ

HOOGENDE 15 SNEEK TEL. (0515) 41 34 87

*De veraste Bakker
in Sneek en
Z. d. dichtsij.*

FRYSK EN FARSK
YN 'E PROVINSJE
EN BINS
TROCH IT HIELE LAN
JO BINNE TE PLAK BÛ
DE HAAN'S BAKKERIJ
YN SNITS
HEECHEIN IS
FUORT BY DE
WETTERPOARTE